

# KRYPTOGRAM 217A

## Horizontaal:

8 Us Mem en dochter op 'e stâl (6); 9 Griente foar in hynder (8); 10 Dêr sitte toanielleafhawwers fan te snobjen (4); 11 Oanhingwein fan de breid (10); 13 It kaptaal dat wy op it spoar binne, is mar lyts (9); 15 Oanspraak op de beurs (5); 16 Underkin by feestklean (7); 18 Sa wurde dichters foar hun dichtsjen beleanne (7); 20 Riste yn in Spaanske tekst (5); 21 Boaze kapster (9); 23 Sy wennet yn in lears (10); 25 Leit yn it teeglês in stoer? (4); 26 Binne de koppunten foar kûpeuzes (8); 27 Lange meagere stiper (6).

## Fertikaal

1 Fynt dat De Mol yn Artis heart (8); 2 Marine-idoal dat wat mytysk hat (6); 3 Frijwat trochskinend fan in drinker (4); 4 De kosten fan lof (12); 5 Brekkend fleis (10); 6 Fakansjegongers dy't op de Aldehou ôfkomme (8); 7 Miskyn wol meast yn tel (8); 12 Seal mei skilderijen (12); 14 Ynruilpreemje (10); 16 Dan pakst in filmpriis (8); 17 Betreklke


famyljebannen (8); 19 Behearders fan intoanige fûgels (8); 22 Plak yn in kalme regio (6); 24 Wize rjochting (4).

As it kryptogram klear is, fine jo yn de hokjes: 18 - 23 - 7 - 22 - 1 in Fryske plaknamme.

Mail dy namme nei [denksport@lc.nl](mailto:denksport@lc.nl), ûnder fermelding fan Kryptogram 217a. Of skriuw dy namme op in brievekaart en stjoer dy oan:  
Redaksje Ljouwerter Krante, postbus 394, 8901 BD Ljouwert, mei op de adreskant: Kryptogram 217a.

De oplossing moat op syn lêst tongersdeitemoarn **9 novimber** by ús wêze. Under de ynstjoerders fan de goede oplossing wurdt in boekebon ferlotte.

**BOEKENBON t.w.v. €25,-**



## Kryptogram 216a:

Plaknamme:

**WYNS**

**Winner Boekebon:**

Trees Bergstra, Ljouwert